



# Fryske Krite Súdeast - Drinte

8 desimber 2022

Bêste minsken,

It is al wer desimber, sawat it ein fan it jier. Wy soenen, sa hienen wy op de Algemiene Gearkomste besletten, in muzykjûn ha yn it neijier. Mar dat is net slagge want de muzikant moast ôfsizze om medyske redens. Dat wie tige jammer foar him en foar ús en wy koenen net mear in oare musikale ynfolling fine. En de tiid fleane troch. De Krystdagen steane al wer foar de doar. Wy winskje jim hiele noflike Krystdagen en in lokkich Nijjier.

Yn jannewaris hienen wy faaks in stampotbuffet. Dat koe al in pear jier net trochgean. No kin it lokkich wol wer, mar wy dogge it dizze kear oars. Sjoch hjirûnder.

## Utnoeging

It bestjoer noaget jimme út om mei te dwaan oan de nijjiersgearkomste yn café-restaurant Wielens yn Noord Sleen op:

**Freed 6 jannewaris 2023 om 12.00 oere.**

Wy begjinne mei in nijjierssûpke oan tafel en dernei ha wy in “**brunch**” yn buffetfoarm. Dus in breamiel mei sop, salades, in kroket en sa. Kofje en tee sit der ek by en dan is der ek noch oan it ein in neigesetsje.

Der is tiid en romte foar koarte bydragen as jim dat wolle: in gedicht, in ferske as in ferhaaltsje. Wy kinne wat lietsjes sjonge en Sjouke sil ek wol wat ferskes sjonge. Om de kosten hoege jim it net te litten. It kostet mar 10 euro de persoan. Jimme moatte jim wol efkes opjaan want wy moatte trochjaan hoefolle minsken as der komme fansels.

**Opjaan graach foar 21 desimber** oanstearde by Sjouke of Greta. De telefoannûmers en mail adressen steane oan it ein fan dizze nijsbrief.

Wy hoopje en rekkenje op in gesellige nijjiersgearkomste! Oan it bestjoer sil it net lizze.

## Kontribúsje 2022 – 2023

Wy stjoere jim gjin akseptgiro's mear. Wy freegje jim om de kontribúsje 2022 - 2023 sels oer te meitsjen op de bankrekken fan de krite. It is noch altyd 10 euro foar ien en 15 euro foar in pear. Fansels mei it ek wat mear wêze want, al bliuwt de kontribúsje gelyk; de kosten rinne wol op.

Alles wurdt djoerder, ek foar de krite.

Bankrekken: NL 26 INGB 000 23 52 578

Fryske Krite Súdeast-Drinte yn Aalden

Mar oan de ponghâlder betelje op 6 jannewaris kin en mei ek.

## Fryske boeken

Der binne noch altyd healsliten Fryske boeken te keap. Se binne mar ien euro it stik. Foar ynformaasje: Harm Klynsmas.

## Koart ferslach fan de Algemiene Gearkomste fan 12 maaie 2022

### Iepenjen.

Foarsitter Greta iepent de gearkomste mei in wurd fan wolkom oan 20 leden, ynklusyf it bestjoer. Der binne ôfmeldings fan 6 minsken.

### Ferslach algemiene gearkomste 30 septimber 2021

Frou Groenhof is net neamd en dat hie wol moatten. Ekskúsjes fan de skriuwer. Fjirder gjin fragen of oanmerkings.

### Jierferslach skriuwer

Opmerkt wurdt dat de toanieljûn mei "It komt wer foar 't ljocht" hiel moai wie.

### Ferslach rekkenopnimmers

Frou Groenhof en frou Mölder ha de boekhâlding neisjoen en it wie allegear tige yn oarder. De ponghâlder wurdt ûntlêstge.

### Nije rekkenopnimmers

De heer Groenhof en de heer Hollenga wurde beneamd.. Petrus Hollenga koe hjir hjoed net wêze mar hy wol yn it nije kritejier wol rekkenopnimmer wurde, hat er Sjouke tasein.

### Jierferslach ponghalder

Harm jout in taljochting op de sifers. Frege wurdt as der gjin advertinsje jild ynkaam is. It antwurd is nee, want der ferskine ek gjin krantsjes mear. Foarich jier wie der wol jild te koart en dat komt troch de djoere toanieljûn mei mar 18 minsken. Dat kin dus gewoan net mear.

### Hoe no fjirder mei de krite?

It bestjoer tinkt dat it bestearsjocht fan de krite wei sakket. Der binne no noch 86 leden mar it rint jierliks tebek. Der komme eins gjin nije leden by en nije bestjoersleden binne net mear te finen. Wy kinne ek finansjeel net folle mear dwaan.

Der wurdt oer ien en oar praat en de leden fine eins allegearre dat wy der noch net mei stopje moatte, mar "low profile" noch in skoftsje trochgean moatte. It bestjoer wol graach ideeën fan ús leden. It soe mooi wêze dat wy it 30 jierich bestean (12 april 2024) fan ús krite noch belibje.

### Programma 2022 – 2023

Yn it neijier in muzikant, leafst op in middei.

Begjin jannewaris in nijiersgearkomste, lyk as eartiids it stampotbuffet.

Yn april/maaie de jiergearkomste.

En dan meskien noch in kear in krite sjongkoar útnoegje.

### Omfreegjen

Werom wol krite Assen net mei ús tegearre? De ôfstân is te grut.

Hoe regelje wy it "lief en leed" kontakt? Tjitske Middelveen wol dat wol dwaan. Har telefoannûmer yn de nijsbrief sette. (Dat is **0591 – 677637**)

### Slúten

Greta seit tank foar komst en ynbring en slút de gearkomste.

Dernei draait Sjouke stikjes fan in elpee dy't by de kriteboeken siet dy't by Anne Tuiten wei kamen. Der binne skitterjende sankjes by en de meast bekende kinne wy ek noch meisjonge, al klopje de teksten net oeral. Wy binne noch tige drok mei de moaie muzyk oan de gong as der roppen wurdt dat wy oan tafel kinne. Dat giet wat oars as it bestjoer foar eagen hie, mar it is tige gesellich en it is al tsjin achten dat wy op hús oan sette.

## Jubileum 100 jier Frysk Boun om Utens

As jim it mei fiere wolle: de datum is fêstlein op sneon 16 septimber 2023.

### It bestjoer

Greta Vos, foarsitter,	0591 – 610372, <a href="mailto:gretalammers@hotmail.com">gretalammers@hotmail.com</a>
Harm Klynsma, ponghalder,	0591 – 625403, <a href="mailto:harm@klynsma.com">harm@klynsma.com</a>
Sjouke van der Veen, skriuwer,	0524 – 552862, <a href="mailto:sjvdv8@gmail.com">sjvdv8@gmail.com</a>
Meiny van Huizen, bestjoerslid,	0524 – 850324, <a href="mailto:meiny@hotmail.com">meiny@hotmail.com</a>